

PARSEBERJOCHT

12 augustus 2020

De myte fan The Serenes – in earbetoan oan Paul Dokter

Hy neamde himsels in “onmuzikant”. Hy woe it leafst yn folsleine anonimiteit ta in “toverwerk” komme. Op freed 7 augustus is Paul Dokter hommels ferstoarn, op 59-jierrige leeftiid. Ein jierren tachtich en begjin jierren njoggentich makke hy namme as sjonger-gitarist fan de Fryske bands Toylets en The Serenes. Yn 2014 makke Fryslân DOK in dokumintêre oer The Serenes. As earbetoan oan Paul Dokter stjoert Omrop Fryslân de dokumintêre takom wykein nochris út.

Yn 1990 brochten The Serenes ‘Barefoot and Pregnant’ út. De lanlike media is ûnferdielid lyrysk oer it album dêr’t de Jouster band mei debutearret. Muzykblêd Oor fynt The Serenes “een band van internationale klasse”. Mar it sukses hat ek in oare kant...

De wichtichste leden fan 'e band, Paul Dokter en Theo de Jong, hawwe in muoisume relaasje mei de parse. Prate oer harren muzyk dogge se leaver net. De band huldiget it prinsipe dat de keunstner ûndergeskikt is oan syn skepping. Ek ûnderling rint it net altyd like goed. As sy it net iens wurde oer de muzikale koers, stapt Paul Dokter út The Serenes. Mei Theo de Jong as driuwende krêft komt yn 1993 ‘Back to Wonder’ út. Ek dizze plaat krijt goede kritiken, mar is kommersjeel gjin sukses. Twa jier letter beslút Theo de Jong om The Serenes op te heffen.

‘Barefoot and Pregnant’ wurdt noch hieltyd sjoen as ien fan de bêste Nederlânske platen fan alle tiden. Dat die yn 2013 ek bliken by de nije útjefte fan it album. Op it Ljouwerter festival ‘Welcome to the Village’ waard in *tribute* spile foar The Serenes. Grutte ôfwêzigen: Paul Dokter en Theo de Jong. Alle ynterviewfersiken yn ‘e tiid fan de nije útjefte waarden ek steefêst wegere. It wurke de mystyk om de band hinne noch mear yn ‘e hân. Fryslân DOK gie op syk nei de myte fan The Serenes.

Fryslân DOK: ‘De myte fan The Serenes, muzyk foar dreamers’

Sneon 15 augustus, 15.30 oere, NPO2 (mei Nederlânske ûndertiteling, werhelling 16 aug. 13.10)

Snein 16 augustus, 17.00 oere, Omrop Fryslân (werhelling alle oeren)

Noat foar de redaksje

Boarnefermelding foto’s: Excelsior Recordings, Niels van Iperen

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 06 - 14 23 98 34.

PERSBERICHT

12 augustus 2020

De mythe van The Serenes – een eerbetoon aan Paul Dokter

Hij noemde zichzelf een “onmuzikant”. Hij wilde het liefst in volstrekte anonimiteit tot een “toverwerk” komen. Op vrijdag 7 augustus is Paul Dokter plotseling overleden, op 59-jarige leeftijd. Eind jaren tachtig en begin jaren negentig maakte hij naam als zanger-gitarist van de Friese bands Toylets en The Serenes. In 2014 maakte Fryslân DOK een documentaire over The Serenes. Als eerbetoon aan Paul Dokter zendt Omrop Fryslân de documentaire komend weekend nogmaals uit.

In 1990 brengen The Serenes ‘Barefoot and Pregnant’ uit. De landelijke media is onverdeeld lyrisch over het debuutalbum van de band uit Joure. Muziekblad Oor vindt The Serenes "een band van internationale klasse". Maar het succes heeft ook een keerzijde...

De belangrijkste bandleden, Paul Dokter en Theo de Jong, hebben een moeizame relatie met de pers. Praten over hun muziek doen ze liever niet. De band huldigt het principe dat de kunstenaar ondergeschikt is aan zijn schepping. Ook onderling loopt het niet altijd even goed. Als ze het niet eens worden over de te volgen muzikale koers, stapt Paul Dokter uit The Serenes. Met Theo de Jong als drijvende kracht komt in 1993 ‘Back to Wonder’ uit. Ook deze plaat krijgt lovende kritieken, maar is commercieel geen succes. Twee jaar later besluit Theo de Jong The Serenes op te heffen.

‘Barefoot and Pregnant’ wordt nog steeds gezien als een van de beste Nederlandse platen aller tijden. Zo bleek ook in 2013 bij de heruitgave van het album. Op het Leeuwarder festival ‘Welcome to the Village’ werd een *tribute* voor The Serenes gespeeld. Grote afwezigen: Paul Dokter en Theo de Jong. Alle interviewverzoeken ten tijde van de heruitgave werden ook stevast geweigerd. Het werkte de mystiek rondom de band nog meer in de hand. Fryslân DOK ging op zoek naar de mythe van The Serenes.

Fryslân DOK: ‘De mythe van The Serenes, muziek voor dromers’

Zaterdag 15 augustus, 15.30 uur, NPO2 (met Nederlandse ondertiteling, herhaling 16 aug. 13.10)

Zondag 16 augustus, 17.00 uur, Omrop Fryslân (herhaling ieder uur)

Noot voor de redactie

Bronvermelding foto's: Excelsior Recordings, Niels van Iperen

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 06 - 14 23 98 34.